De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (II)

Sytze T. Hiemstra

Yn myn earste stikje oer de kwaliteit fan it Frysk by guon ynstellings yn de *Swingel* (2007, nû. 19, s. 6-11) haw ik omtinken jûn oan de korrespondinsje fan Pyt Deelstra út Grou mei *Omrop Fryslân* en oare ynstellings. Ik kin it lykfine mei Deelstra dat der in dúdlik omskreaune noarm en standert foar it Frysk ynfierd wurde moat. Dat is fan belang foar it offisjele (amtlike en juridyske) ferkear, it ûnderwiis en de wittenskip, de rjochterlike en bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten, de subsidiearre media (lykas de Omrop) en sosjale en kulturele foarsjennings.[1]

Deelstra is lang net de iennige dy't him soargen makket oer de kwaliteit fan it taalgebrûk yn de ûnderskate maatskiplike domeinen. Om dy te ferheegjen sil ús eigen oerheid deryn ynvestearje moatte.

Ik behein my yn dit twadde artikel benammen (wer) ta de media (de Omrop). De romte is te krap om alle domeinen har gerak te jaan. Alle dagen binne dêr, njonken geef of aardich geef Frysk, noch gâns foarbylden fan 'min/gjin-Frysk' by Omrop-meiwurkers te hearren en te sjen. De fraach komt op hoe't dat ferbettere wurde kin. Ien fan de betingsten is dat elts in klear byld hawwe moat fan wat Standertfrysk en fan wat Frysk en net-Frysk is. De skriuwer fan it hjirnei oanhelle briefke, hie dat perfoarst net.

'Gjin/min-Frysk' en de Omrop

In pear jier lyn krige ik yn myn wurksituaasje (ûnderwiis) it neikommende, koarte briefke fan de Omrop dat ornearre wie foar learkrêften Frysk[2]:

"Achte dosint Frysk, Omstreeks [*om-ende-by, likernôch*] de hjerstfakaansje [*hjerstfakânsje*] hawwe jo in enkête krigen [foarkar: *krige*] oer it skoalletelevyzje programma [oaninoar: *skoalletelevyzjeprogramma*] Linkk. In oantal [foarkar: *tal, stikmannich*] haw ik werom krigen [foarkar: *krige*], mar in grut gedielte [*part*] is noch net werom. Dêrom wol ik de dosinten dy't noch niks [*neat*] werom stjoerd hawwe freegje [skrapke: ... *hawwe, freegje* ...] om dit [*dat*] noch te dwaan. Sadat wij [foarkar: *wy*] it programma Linkk noch better meitsje kinne. Foar de dosinten dy't de enkête wol werom stjoerd hawwe, jildt dit [*dat*] natuurlik [*fansels*] net. Alfêst bedankt [*betanke*], J. de V. omrop [*Omrop*] Fryslân."

Doe't ik it briefke koartlyn weromfûn,loeken de teannen my suver wer krom. De skriuwer fan dat ûnrant liket in bettere (programma)kwaliteit (*Linkk*) nei te stribjen. Treflik, mar wêrom docht er dat yn 'e de goedichheid ek net foar syn eigen taalgebrûk?

Wêrom giet er sa rûch en slof mei ús staverings- en taalregels om? Sleauwens, ûnkunde, gjin korrektor yn 'e buert? Spitigernôch is er lang gjin útsûndering.

Taalkenner en taalkundige Henk Wolf besaude him okkerlêsten op syn webstek[3] ek oer de kwaliteit fan it Frysk by de media en sette dêr in stikmannich eksimpels op fan de eigen publike Omrop, it tydskrift *de Moanne*[4] en ek by in partij as de *FNP* (sjoch ûnder). Syn kwalifikaasjes lige der net om:

"It Frysk dat yn de media brûkt wurdt is bytiden sa bryk as in kroade, in putheak en de Aldehouster toer byinoar. It tilt op fan de letterlike oersettingen fan amtlik Hollânsk, konverzjes, nominalisaasjes, ûndergeande foarmen, ferkearde ferwiiswurden en oare stylfouten. Dat makket it stiif en ûnnoflik om te lêzen" (sjoch foar foarbylden fan *konverzjes* en *nominalisaasjes* fierderop).

It is ferliedlik en nim al syn eksimpels oer. En benammen ek de taljochting dy't er dêrby jout. Dat nimt spitigernôch nochal wat romte. Dêrom net mear as trije eksimpels. De lêzer dy't mear lêze en witte wol, kin mar better wat omsneupe op Wolf syn webstee.

Oarspronklike ferzje (www.omropfryslan.nl, 14-06-2007):

1. 'Tekoart oan staazjeplakken'

De ferplichte maatskiplike staazje dy't dit nije kabinet ynfiere wol yn it fuortset ûnderwiis soarget mooglik foar grutte krapte yn staazjeplakken foar it beropsûnderwiis. Dat ferwachtet Klaas Koops, foarsitter fan it bestjoer fan it Friesland College.

Yn it beropsûnderwiis wurdt in hiel soad staazje rûn troch learlingen. At ek learlingen fan it fuortset ûnderwiis op staazje moatte soarget dat foar te grutte konkurrinsje."

Sa is it neffens Wolf better:

'Tekoart oan staazjeplakken'

It nije kabinet wol dat learlingen yn it fuortset ûnderwiis in maatskiplike staazje rinne. As dat plan trochgiet, bliuwe der te min staazjeplakken oer foar learlingen yn it beropsûnderwiis. Dat ferwachtet Klaas Koops, foarsitter fan it bestjoer fan it Friesland College.

Learlingen yn it beropsûnderwiis rinne hiel faak staazje."

Oarspronklike ferzje (www.omropfryslan.nl, 06-06-2007):

2. 'Tomke yn it Bildsk'

De avontoeren fan Tomke binne der no ek yn it Bildsk. It boek 'Tomke en Romke op reis' is oersetten troch de stifting Ons Bildt. Tomke is in projekt fan de Afûk om pjutten oan it lêzen te krijen.

It earste eksemplaar fan de Bildske Tomke is juster presentearre yn de bibleteek fan Sint Anne. Stifting Ons Bildt is dwaande mei Omrop Fryslân om te sjen oft der ek Bildske-fersys fan de tv-searje fan Tomke makke wurde kin."

Sa is it gâns better:

'Tomke yn it Biltsk'

De aventoeren fan Tomke binne der no ek yn it Biltsk. De stifting Ons Bildt hat it boek 'Tomke en Romke op reis' oerset. De Afûk hat de Tomke-boekjes makke om bern oan it lêzen te krijen.

It earste eksimplaar fan de Biltske Tomke is juster presintearre yn de bibleteek fan St. Anne. Stifing Ons Bildt en Omrop Fryslân beprate oft se tegearre in Biltske ferzje fan de tv-searje oer Tomke meitsje kinne.”

Oarspronklike ferzje (www.omropfryslan.nl, 06-06-2007):

3. “Grûnbelied moat winstjouwender

De gemeente Ljouwert moat har better rjochtsje op meitsjen fan winst mei har grûnbelied. Dat is de konklúzje fan de gemeentlike rekkenkeamer nei in ûndersyk nei it Ljouwerter grûnbelied.

Woansdei presintearre de rekkenkeamer dat ûndersyk. Opbringsten moatte brûkt wurde om minder rendabele nijbouplannen te finansierjen. Amtners moatte tûker ûnderhannelje mei bou-ûndernimmers: it mes moat faker op tafel, fynt de rekkenkeamer.”

Sa is it grif folle better:

“Grûn moat mear opsmite

De gemeente Ljouwert moat sjen dat er mear winst op grûn makket. Dat sei de gemeentelike rekkenkeamer woansdei. De rekkenkeamer hat it Ljouwerter grûnbelied ûndersocht.

De gemeente moat it jild dat er oan grûn fertsjinnet, brûke om nijbou te finansierjen dy’t net safolle opsmyt. Amtners moatte better ûnderhannelje mei bou-ûndernimmers. It mes [leaver: *mês*, sth] moat faker op ’e tafel, fynt [leaver: *tinkt*, *ornearret*, sth] de rekkenkeamer.”

Ik hoopje dat de lêzer de ferskillen sels neigean wol. It is grif de tafallige rispinge fan twa dagen yn juny. Wat seit soks oer de oare dagen fan it jier? It soe gjin oerstallige lúkse wêze dat Wolf guon Omrop-meiwurkers ris in *skriuwkursus* jout.[5]

‘Gjin/min-Frysk’, konverzjes en nominalisaasjes

Yn oare media wurdt der ek gauris in potsje fan makke. Wat bygelyks te tinken fan in stikje út in *FNP-Nijsbrief* fan de Steatefraksje[6] (nû. 1, maart 2006, 3) oer it Dalton-ûnderwiis yn Dokkum [myn ferbetterings steane tusken kante heakken]: “Elke learling krijt [foarkar: ‘kriget’] in sekere [beskate] frijheid om te bepalen oan [better: te kedizen oer] hokker taak [hjir ‘oft’ ynfoegje] hy/sy wurkje wol. […] Net allinne de dosint bepaald [‘bepaalt’, beslist] wat der bart. By it meitsjen fan de taken is it doel om gear te wurkjen mei oaren. Om der tegearre [mei-inoar; ‘tegearre’ is *twa*] út te kommen. […] Ek [‘Ek’ heart ornaris net foaroan: Se binne *ek* hiel wiis …] binne se hiel wiis mei de nijbou wêr’t [dêr’t] de prinsipes [prinsipen] fan Dalton goed har gerak krije. […] It is in moai en waarm oanklaaid gebou mei gewoane lokalen, in ‘ekspressy’ lokaal [‘ekspresje’-lokaal], stilteromtes [stilteromten] en iepen romtes [romten]. […] Beide skoallen bliuwe dan bestean en learlingen kinne dat ûnderwiis folgje wat [dat] it bêste by harren past.”? Wolf kin oanslach hâlde.

Konverzjes

Mei *konverzje-* of *omsettings*regels kinne Hollânske wurden, meast mei goede resultaten, yn Frysk omset wurde: Mei in foarbyld fan Sjölin: ‘werknemersvertegenwoordiger’ wurdt dan:
wurk+nimmers+fer+tsjin(t)+wurd+ig+er;
‘hij wist niet wat hem overkwam’ wurdt
hy+wist+net+wat+him+oer+kaam. As in sprekker of skriuwer net fuortendaliks in goed Frysk wurd betinke kin, wurket er ek mei konvertearre foarms. Dêrby wurdt wurd foar wurd en morfeem (lytste foarmeleminten yn de taal) foar morfeem (dus ien op ien) oerset mei help fan omsettingsregels (of wurdt it Hollânske wurd mei ham en gram oernommen).

Sok letterlik oersetten kin ek maklik ta diskutabel ‘Frysk’ liede, bygelyks: ‘dat is wel gewenst’, *dat is wol winske*; ‘hoogstens’, *heechstens*; ‘die maakten zich meester van de bal’, *dy makken har master fan de bal*; ‘uiteraard’, *uteraard*; ‘groenvoorzieningen’, *grienfoarsjenningen*. Noch in stap fierder de taalôfgrûn yn en wy

krije hybride, healslachtige, heal ferfryske foarms lykas: *wardearje* (wurdearje), *útfoering* (útfiering), *genoatskap* (genoatskip), *aannimmer* (oannimmer), *woanromte* (wenromte), *ferlangen*.[7]

Sa kin it Hollânske 'plant' fonologysk wol omset wurde yn it Fryske 'plant' (útspraak 'plont'), mar as wy op deselde wize 'vijand' yn 'fijant' (fijân) omsette, 'stand' yn 'stant' (stân) en 'pand' yn 'pant' (pân), dan wurdt sa'n konverzjeregel fansels ferkeard te pas brocht. It Hollânske 'dat *overkomt* mij' kin ek net ien op ien omset wurde, want '*oerkomme*' is in skiedber tiidwurd, dus: dat *komt* my *oer*. De betsjutting fan it Hollânske 'slim' is in oaren-ien as it Fryske 'slim', it Hollânske 'rondom' is semantysk wat oars as it Fryske 'rûnom'. It Hollânske 'lucht' is yn it Frysk net altiten 'lucht', mar ek wolris 'loft'. Sokke falske freonen ('faux amis') binne etymologysk gauris besibbe, mar ferskille fierders faak yn stavering, útspraak, foarm, folchoarder en betsjutting. Men moat der dus tige mei oppasse.[8] Wolf soe sokke ûntspoarings om my wolris (fierder) útwjûde meie yn *Swingel*.

Nominalisaasjes

Jan Popkema jout yn syn *Grammatica Fries* foarbylden fan *nominalisaasjes*, bgl. fan *mulwurden* ('deelwoorden') dy't *eigenskiplik* (as 'bijvoeglijk *naamwoord*') brûkt wurde, benammen yn formeel amtlik en wittenskiplik proaza, lykas: *dy brúnguod dumpende* firma; syn *ta feedokter oplate* dochter; de *as kening behannele* gast, *mei in slok wetter yn te nimmen* pillen, de *troch de fraksje yn te tsjinjen* moasje. Dy stive, formele konstruksjes kinne yn it Frysk better mijd wurde. As se yn de foarm fan in *bysin* werjûn wurde, wurdt de styl liniger: de firma *dy't brúnguod dumpt*; syn dochter *dy't ta feedokter oplaat is*; de pillen *dy't mei in slok wetter ynnommen wurde moatte*, de moasje *dy't troch de fraksje yntsjinne wurdt*, ensfh.[9]

Ynterferinsjes

Om it brûken fan *ynterferinsjes* (ynslûpsels, almeast holânismen) op it mêd fan de útspraak (fonology), de wurdkar (leksikon), de wurdfoarm (morfology), de folchoarder (syntaksis, bgl. de omkearing fan tiidwurden), de betsjutting (semantyk) en it idioom (pragmatyk; idiomatyske korrekt taalgebrûk yn beskate situaasjes) te bestriden, soe der nei it heljen fan de Afûk-akte of it twaddegraadsfoech troch presintators en sjoernalisten by de 'Omrop' *struktureel* omtinken foar taalflaters bliuwe moatte. Bygelyks yn de foarm fan ynterne en eksterne kursussen Frysk dêr't de taalpraktyk fan de yndividuele meiwurkers *trochgeand* en *systematysk* - *en dus net sa út en troch* - yn analysearre, hifke en weromkeppele wurdt troch lesjouwers en/of oare taalkundigen. Yn alle gefallen troch lju dy't trochkrûpt binne yn de taalregels en it taaleigen fan it Frysk.[10]

Om struktureel en trochgeand omtinken te krijen foar taalkwaliteit yn it ûnderwiis, yn it amtlik en rjochtsferkear, by sosjale en kulturele ynstellings, by de media en yn it ekonomyske ferkear sil grif ek de (taal)*machts*posysje fan it Frysk fersterke wurde moatte.[11]

Yn in bydrage ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis út 1982[12] wurdt konstatearre dat "[...] by eintsjebeslút de gruttere *taalmacht* fan it Hollânsk yn Fryslân de wurkmaster is fan ynterferinsjes[13] en dat it bestriden dêrfan feitliks in *taalpolitike* kwestje is." Dat ynsjoch soe der net allinnich wêze moatte by learaars, mar ek by ús Fryske politisy.

'Gjin/min-Frysk' en de taalmachtsferhâldings yn Fryslân

Yn in wichtige en noch tige lêsbere Frysktalige ynlieding oer ûnderskate aspekten fan de twataligens út 1981 mei de titel *Twataligens*[14] komt de *taalmacht* fan it Frysk op it rabat. Yn in haadstik oer 'taalnoarm en ynterferinsje' ornearret de frisiste Tony Feitsma dat de

ûngeunstige *(taal)machtferhâldings* derta liede dat it liket dat Frysk it 'fan natuere' ferlieze moat fan it Hollânsk en ferfettet dan: " [...] inkeld in 'keunstmjittige' tsjinoanfal om de machtsposysje[15] en de kwaliteit fan it Frysk te fersterkjen kin fandatoangeande noch helpe.[16] Dy tsjinstelling op it stik fan de taalmacht rjochte him yn de lêste oardel ieu meast op de frije sektor fan literatuer, toaniel, sang, brieveferkear ensfh. Letter kaam de ûnderwiisaksje sintraal te stean. Dy domeinen hiene ek positive ynfloed op de kwaliteit fan it Frysk. De lêste jierren wurdt der besocht om it Frysk in (beskieden) plak te jaan yn it offisjele ferkear. De lêste útwreiding fan de domeinen, de taalgebrûkssituaasjes, dêr't it Frysk yn funksjonearret, befoarderje wol it funksjonearjen fan it Frysk, mar lang net altyd de kwaliteit. It amtlike Fryske yn 'e mûle en pinne fan minsken dy't – mei of sûnder AFUK-kursus – gauris net sa sterk yn 'e skuon steane wat it Frysk oanbelanget, soe fandatoangeande ek wolris syn negative effekten ha kinne. It amtlike Frysk soe, as it slim komt wolris útrinne kinne op in hiele rige Fryske nijfoarmingen op Hollânske basis en yn sinnen oardere neffens Hollânsk model. [...]

Wy sille mei Fryske nijfoarmingen, omskriuwingen of werjeften foar de termen en slogans yn de ûnderskate jargons op de gewoane, begryplike toer moatte. Dat wol net sizze dat alle faktermen en moadewurden ferfryske wurde moatte; it hâldt wol yn dat de kearn fan it 'hegere' taalgebrûk op in hiel natuerlike en begryplike manier *folle Frysker* [*skeanprint fan my*, sth] kin.[17] Dat is net allinnich fan belang foar it fuortsterkjen fan de Fryske identiteit, mar ek foar bettere kommunikaasje tusken de minsken" (*Twataligens*, 1981, 56).

De ûngelikense taal(machts)ferhâldings lizze net allinnich oan de basis fan de kwantiteit fan it taalgebrûk, mar likegoed oan de *kwaliteit* dêrfan. Der leit dus in wichtige taak foar ús politisy om dy ferhâldings te feroarjen en ynfloed te krijen op ynfieren fan in sa Frysk mooglike standert yn de boppeneamde maatskiplike sektoaren. Der is op dat mêd yn de rin fan de tiid al hiel wat foarwurk dien.

Nei in taalnoarm foar it Frysk

De skiednis fan de ûnderskate opfettings oer taalnoarm fan it Frysk haw ik yn 1997 moai wiidweidich beskreaun.[18] Dy saneamde 'noarms' rûnen gauris (sterk) útinoar. Dat is fansels tige lestich as men de pretinsje hat om fan it Frysk in kultuertaal te meitsjen foar ûnderskate maatskiplike gebieten. De rop om in (fierdere) reglemintearring fan it Frysk wurdt yn de jierren tachtich en begjin njoggentich fan de foarige ieu dan ek lûder, al binne der altiten (noch) lju dy't der net folle fan hawwe moatte. Stapke foar stapke is de sprake fan in (beskieden) tanimmen fan it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis en yn it offisjele ferkear. De oanhâldende striid fan de Fryske (taal)beweging, bygelyks fan de *Ried fan de Fryske Beweging* en de *Afûk*, hawwe dêryn net swak byspile.

Der wurde konkrete(re) útstellen dien foar in (kollektive) noarm en standert. Der wurdt yn 1980 sels in *Taalburo* oprjochte, dat ferbûn wurdt oan de *Fryske Akademy*. Dat buro joech op dat mêd advizen en levere in goede bydrage oan de korpusûntwikkeling (it betinken fan nije wurden en útdrukkings) fan it Frysk. Guon literêre skriuwers en frisisten wiene dúdlik minder entûsjast oer in dúdlike noarmearring en standerdisearring fan it Frysk. Se leine it primaat by har eigen (yndividuele) 'taalopfetting' en 'taalgedrach'.[19] Sok hâlden en dragen helpt ús net fierder. Krekt oarsom.

De taalnoarmrol fan de Afûk

De Afûk hat yn de rin fan de foarige ieu altiten in wichtige rol spile by it fêststellen fan taalnoarms. Dat

waard net altiten direkt en bewust troch de Afûk as *ynstitút* dien, mar benammen troch de yndividuele lesjouwers fan dy ynstelling, dy't sels ornaris aardich noarmbewust wiene. Yn dat ramt moat bygelyks de ynfloed fan dr. Douwe Kalma op it Afûk-fermidden ek net ûnderskat wurde.

Nei 1980 ûntstie der yn it deistich bestjoer fan de Afûk sa út en troch in diskusje oer de taalnoarm nei oanlieding fan swierrichheden dêr't de taalkundige ôfdieling fan de Afûk hieltiten faker tsjinoan rûn.[20] Guon gearstalders fan learmiddels, oersetters en (literêre) skriuwers hiene sa harren eigen partikuliere opfettings oer wat (noch) foar Frysk trochgean koe en woene deroan fêsthâlde.[21] De fraach kaam op oft de Afûk as edukative útjouwerij net soargje moast foar mear ienheid yn de 'taalnoarm' yn ûnderskate Afûk-útjeften. As útjouwerij wurdt fan de Afûk ferwachte dat dy goed Frysk brûkt en oaren ta foarbyld wêze kin. Dat freget út soarte om in beskate noarm of standert dy't ûnôfhinklik is fan wa't de skriuwer of oersetter fan in boek of learmiddel is. De Afûk ûntwikkele him ta in ynstitút dat hieltiten mear taalkursussen organisearre en eksamens ôfnaam. Navenant naam it ferlet fan dúdlikens oer wat geef Frysk wie ta. Datselde wie it gefal by de eksaminators, lesjouwers en kursisten.

Begjin 1985 waard dêrom in lytse kommisje foarme fan guon bestjoersleden en de beide stêfmeiwurkers fan de taalkundige ôfdieling mei as doel om it konsekwintere noarm fêst te stellen dêr't skriuwers fan learmiddels en oare Afûk-útjeften en oersetters fan berneboeken en boeken foar folwoeksenen harren tenei oan te hâlden hiene. It útgongspunt dêrby wie dat de Afûk foar Fryslân in wichtige taalynstelling wie, dy't it Frysk net samar wat brûkt foar de 'kommunikaasje', mar om it folk de taal goed te learen. De Afûk stjoerde oan op in kultuertaalnoarm dy't beskate farianten tastiet, mar in foarkar hat foar it meast Fryske alternatyf.[22]

Op 14 juny 1985 stelde it Algemien Bestjoer in taalnoarm fan de Afûk fêst dy't oansleat by it nije, noch mar koartlyn ferskynde hânwurkboek Frysk-Nederlânsk fan de Fryske Akademy (Ljouwert, 1984). Dat waard – en wurdt noch – oanholden foar wat derop troch kin of net, foarsafier't it alteast net giet om dúdlike flaters of tsjinstridichheden of om (spesjalistyske) wurden dy't yn it hânwurdboek net opnommen binne. Dûbelfoarms dy't troch ynterferinsje mei it Hollânsk (hollânismen) yn de rin fan de tiid ûntstien binne, binne foar in part yn dat wurdboek opnommen (bgl. jitte-noch; jerne-graach; tins-gedachte). Hoewol't de grins tusken wat al ynboargere is en wat der as Frysk op troch kin yn dat wurdboek nochal rom lutsen is, hat de Afûk him dêrby dellein. It grutte foardiel wie dat oare of slimmere hollânismen en ôfwikende skriuwwizen no keard wurde koene: "Sadwaande sille wurden as 'ergens' ynstee fan *earne*, 'nergens' foar *nearne*, 'w.c.' foar *húske*, 'Hollâns' foar *Hollânsk*, 'kring' foar *rûnte* en 'deksel' foar *lid* net mear tastien wurde yn Afûk-útjeften (ferl. 'Taalnoarm Afûk', *De Pompeblêden*, 1987, s. 84)." By eigenskipswurden mei in geografyske betsjutting waard en wurdt dus konsekwint de *k* oanholden: Sweed*sk*, Dúts*k*, Turks*k*, ek al wiene der taalkundigen bûten de Afûk dy't de *k* útbanne woene, op dy yn 'Frys*k*' nei.

Yn de gefallen dat it wurdboek mear mooglikheden jout, 'wylst de iene dúdlik Frysker is as de oare, woe en wol de Afûk leafst de meast Fryske foarm oanhâlde' (*Ibid.*, s. 84): bgl. *listke* ynstee fan 'listje'. It is in oanrikkemandaasje dêr't eventueel fan ôfwykt wurde kin. Dat kin fan de soarte fan boek en fan de sitewaasje ôfhingje. In taalnoarmkommisje "sil fan gefal oanjaan hokfoar foarm oft oanret wurdt. Om in pear foarbylden te neamen: 'by de *je*-tiidwurden de *e*- yn

’e ferbûging oanhâlde: hinderet, leveret, iepenet, befestiget; foarkar foar *sterke* boppe swakke ferbûging yn gefallen dat beide tastien binne; de *brekking* safolle mooglik oanhâlde: ‘organisearre’ ynstee fan ‘organiseard’, ‘publisearje’ en net ‘publiseare’; wurden op *-ing* safolle mooglik mije: it iepenjen, it sluten, it fêststellen, ensfh.” (*Ibid*., 84).[23]

It oanhâlden fan it wurdboek as noarm hie en hat perfoarst net de bedoeling om de ûntjouwing fan de taal op te kearen. Skriuwers wurde oanmoedige om de taal *kreatyf* te brûken. De wurdboeknoarm is der benammen foar om *ynterferinsjes* (min/gjin Frysk, hollânismen) út te bannen, net om nijfoarmings op te kearen.[24] Likemin wie en is it de bedoeling om (wat) dialektysk ferskaat yn it Frysk tsjin te gean. Oan de oare kant waard der ornearre dat dúdlik dialektyske foarms net thús hearre yn in Fryske *standert*(skriuw)-taal (tink bygelyks oan foarms út it Súdwesthoeksk lykas *bemmen* (‘beammen’) en *sköle* (‘skoalle’), *futten* (‘fuotten’), *sonne* (‘sinne’) of *ronne* (‘rinne’). Dy binne yn dat wurdboek dan ek net te finen.

Ideologyske motiven

Foar de Afûk spilen yn 1985 trije motiven of arguminten foar in Fryske taalstandert in wichtige rol:

1 In *taalideologysk* motyf dat fuortkomt út it besef dat de ûntwikkeling fan it Frysk as ‘kultuertaal’ freget om in ôffreding fan ‘it Frysk’ fan ‘gjin of min Frysk’ en in (bettere) útbou fan dat ‘Frysk’ ta in ‘Standertfrysk’. It hânwurdboek fan 1984 koe en kin dêr noch altiten in wichtige bydrage ta leverje.[25]

2 In *ûnderwiiskundich* of *didaktysk* motyf om ta mear ienriedigens te kommen oer wat yn leargongen, kursussen en edukative útjeften noch as akseptabel Frysk beskôge wurde kin. Learmiddels foar it ûnderwiis freegje no ienkear om in konsekwinte en konsistinte line, wol in taal goed leard wurde kinne.

3 In mear *praktysk* motyf is dat der mei skriuwers en oersettters fan kursusmateriaal en bernebeoeken dy’t net kritysk genôch omgeane mei ynterferinsjes, net hieltiten ‘ûnderhannele’ wurde hoecht oer wat de noarm is of heart te wêzen.[26]

Dy motiven soene net allinnich jilde moatte foar de Afûk, mar foar it hiele, reguliere ûnderwiis. De útgongspunten fan de Afûk binne likegoed rillevant foar oare maatskiplike domeinen yn Fryslân, dus ek foar de subsidiearre (Omrop) en net-subsidiearre media en soene dêr konsekwint ynfierd wurde moatte. It is fan grut belang dat de Steaten foar Fryslân, lykas earder foar de ‘stavering’, in ‘standert’ foar de taal *fêststelle*. Boppedat moat der in *Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer* komme om tafersjoch op de *ynfiering* te hâlden.[27] Dêr in oare kear mear oer.

Noaten

1 De Steatefraksje fan de FNP hat oan Deputearre Steaten frege om te sjen oft de subsydzjeferoarderings en budgetoerienkomsten fan de Provinsje oanpast wurde kinne oan de taaleask. Dat soe dan jilde moatte foar alle ynstellings dy’t jild krije yn it ramt fan de *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer* 2001 (hdst. 5) en it provinsjaal taalbelied. Dy kant moat it fansels út. Likegoed wat de ‘noarm’ en ‘standert’ oanbelanget.

2 Tusken de kante heakken steane myn opmerkings of ferbetterings.

3 Oanklikke: www.beepworld.de.

4 Ik moat Wolf gelyk jaan en begryp ek net wêrom’t in swier subsidiearre tydskrift as *de Moanne*, dat dochs ek in taalbefoarderingsfunksje hat, net keken (genôch) is as it om de taal giet. De lêsnocht wie by my (wer) oer doe’t ik yn nû. 9 (nov. 2007, s. 34-36) it fraachpetear fan Antine Zijlstra mei deputearre Jannewietske de Vries lies en seis kear ‘toch’ (dochs) lêze moast, ek fan de fragestelster sels. En fierders noch oar taalôfeart oantrof lykas: gebeure, ergens, froeger, yn feite, erfaar, dingen dêr’t ik nei [= om] sykje, de manier wêrop [= wêrop’*t* ik/dêr’*t* ik op wurkje]. Ik wie takocht. It blêd is fierder mar lizzen bleaun.

De einredakteur stipet yn syn 'Redaksjoneel' (s. 3) de deputearre yn har 'ferlangen' [winsk?] kultuer rommer te sjen as it Frysk. 'Ferlangen', ja, nei hollânismen as in bydrage ta de taalkultuer yn Fryslân? Yn alle gefallen 'ferlangen' nei mear lêzers. As dy it mei de taal dan mar net al te krekt nimme ...

5 Sjoch foar stúdzje op dat mêd ek ris op: www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes/kursus (Kursus Frysk Skriuwen).

6 *FNP-Nijsbrief*, nû. 1, maart 2006, s. 3.

7 Ferl. bgl. J. Popkema, *Ta de taalkunde fan it Frysk*. Ljouwert: Afûk, 19982, s. 207-208.

8 Ferl. ek Pieter Breuker, Jan Griffioen, Jarich Hoekstra e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*. Grins/Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G./Afûk, 1982, s. 58-60.

9 J. Popkema, *Grammatica Fries*, Utrecht: Het Spectrum B.V., 2006, s. 224.

10 Sjoch P. Bergsma, J. van der Bij, T. Dykstra, S.T. Hiemstra (ein-red.), R. Salverda en R.W. Valk, *Oanfalsplan Frysk. Nei in fersterking fan de ekonomyske en juridyske grûnslaggen fan it Frysk*. Drachten/Ljouwert: [digitale ferzje], okt. 2007, hdst. V, Media; oan te klikken op www.fryskebeweging.nl/ffu/brievenútgien 2007 (02-10-2007 → *Provinsje*: Oanfalsplan Frysk).

11 Yn it 'Oanfalsplan' (sjoch boppe) wurdt bepleite om it Frysk ta *earste* taal yn Fryslân te meitsjen. In goede aktive (mûnlinge en skriftlike) behearsking fan Frysk moat neffens de skriuwers yn ûnderskate maatskiplike domeinen in *funksje*- en *beneamingseask* wurde.

12 Pieter Breuker, Jan Griffioen, Jarich Hoekstra e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*. Grins/Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G./Afûk, 1982, s. 44.

13 Bgl. hollânismen en oare ynslûpsels.

14 K. Boelens, A. Feitsma, L. Pietersen e.o., *Twataligens*. Ljouwert: Afûk. 1973, 19813.

15 Sjoch ek it 'Oanfalsplan'.

16 Ferlykje bygelyks ek de opfettings fan taalsosjolooch prof. dr. Durk Gorter, dy't er û.o. nei foaren brocht yn in fraachpetear dat Sietse de Vries mei him hie doe't er ôfskied naam fan de Fryske Akademy om yn San Sebastian (Spanje) ynternasjonaal ûndersyk te dwaan nei minderheidstalen yn it ûnderwiis en de mearwearde fan meartaligens ('Frysk hat minder draachflak as it Baskysk of it Katalaansk', *Leeuwarder Courant*, 07-12-2007, 'Freed', s. 2): "De ynfloed fan it ûnderwiis op de kwaliteit fan it Frysk is net sa botte grut, hat de ûnderfining Gorter leard. De omkearing fan de tiidwurden - 'ik sil it dy litte sjen' yn stee fan 'ik sil it dy sjen litte' is neffens him net mear te kearen, "Of soest it ûnderwiis radikaal feroarje en it Frysk de posysje jaan moatte dy't it Nederlânsk no hat. Yn Kataloanje, Baskenlân en Wales hawwe se dat dien. Dêr stjoere Spaansktalige âlden har bern nei in Baskyske skoalle. Troch de lytsere klassen is it nivo fan dy skoallen faak heger, mar in Baskyske skoalle fergruttet de kâns op wurk letter ek. Yn Fryslân is dêr gjin draachflak foar." [...] As der Friezen it mei-inoar woene, soene se neffens Gorter it Frysk deselde posysje jaan kinne as de beide minderheidstalen yn Spanje. "Wolst de taal yn stân hâlde, dan soe it goed wêze as de motivaasje dêrta sterker is. Dat konstatear[je] ik as wittenskipper, mar ik kin net ûntkenne dat ik dêr ek wol in bytsje op hoopje."
Ferl. ek it stânpunt fan de *Ried fan de Fryske Beweging* en de *Feriening Frysk Underwiis* dat it Frysk de *earste* taal yn it ûnderwiis en oare maatskiplike domeinen yn Fryslân wurde moatte soe.

17 De foarbylden lizze yn de ûnderskate provinsjale noata's foar it opskeppen. Bygelyks yn de *Reaksjenota 'Frysk yn Fryslân'* (28 aug. 2007): 'De ynstellings hawwe it frij om [meie] oan de hân fan prosesdoelstellingen belied op lange termyn te ferwurdzjen [ûnder wurden bringe/formulearje] yn de produktplannen' (s. 5); 'Wy kinne ús foar in part fine yn [binne it iens mei] de opmerkings fan it Berie foar it Frysk. [...] Wy kinne it fine [kinne it lykfine] mei de suggestje dy't it Berie oan ús docht. [...] Dat wolle wy fan ûnderop [fan ûnderen op] (bottom-up) as [en] fan boppenôf [fan boppen ôf] (top-down) dwaan. De kommende tiid wolle wy mear ta op it benaderjen fan [wolle wy mear *kontakt* sykje mei] kaaifigueren, paadsljochters en bûnsgenoaten dy't in foarbyldfunksje ferfolje wolle [dy't in foarbyld wêze wolle] foar it brûken fan de Fryske taal' (s. 7). '[...] en is it Fryske Boek dwaande om Frysktalige harkboeken yn de merk te setten [(mei) Frysktalige boeken op 'e merk te kommen/oan 'e merk te bringen]. Op termyn kinne (in part fan) de sprutsen boeken foar lêsbeheinden ek foar in grutter

part ûntsluten wurde [Op ‘en doer sille lju/minsken mei in lês-beheining in part fan de [yn]sprutsen boeken ek lêze/beharkje [?] kinne]’ (s. 15).

18 Sjoch haadstik XIII fan S.T. Hiemstra, ‘De taalnoarm’. Yn: A. Dykstra & R.H. Bremmer Jr (1999), *In skiednis fan ‘e Fryske Taalkunde*. Ljouwert: Fryske Akademy, s. 242-279.

19 De begripen ‘noarm’ en ‘standert’ slane winliken op gedrachsregels dy’t frij algemien ‘ûnderskreaun’ of ‘neilibbe’ wurde (moatte) troch in beskate *mienskip*. By sokke regels wurdt dus útgongen fan in stik stabiliteit yn it tapassen dêrfan. By lju dy’t dat ôfwize of har der net oan hâlde wolle, kin men better prate fan ‘yndividueel (taal)*gedrach*’ en net fan in ‘yndividuele *noarm*’. Datselde jildt ek foar it begryp ‘wearde’. In ‘wearde’ moat likegoed frij algemien ûnderskreaun en ridlik stabyl achte wurde, oars kin men better prate fan in ‘miening’ of ‘opfetting’.

20 Dat bestjoer hie earder al ris besletten om ‘at’ foar ‘as’ en ‘oft’ net ta te litten yn Afûk-útjeften, omdat it sûnder needsaak (grutte) betizing by de kursisten joech en jout.

21 Jan de Jong (pabû-learaar Frysk en oersetter) en Eppie Dam (ûnderwizer en skriuwer) soene fandatoangeande neamd wurde kinne. Hjoed de dei soe Jetske Bilker (skriuwster en oersetster) dêr ek ta rekkene wurde moatte.

22 Ferl. Rindert Straatsma, ‘Nei in taalnoarm foar it Frysk’ (*Us Wurk*, jrg. 37, 1988, s. 99-103). En S.T. Hiemstra, ‘Noarm en learmiddels folwoeksene-ûnderwiis’ (*De Pompeblêden*, jrg. 58, 1987 , s. 82-84).

23 ‘Taalnoarm Afûk’ (*De Pompeblêden*, jrg. 58, 1987, s. 84). En ek: Rindert Straatsma, ‘Nei in taalnoarm foar it Frysk’ (*Us Wurk*, jrg. 37, 1988, s. 100-101).

24 Dat is út soarte ek relevant foar de Omrop.

25 En fansels in lange rige fan wurdlisten op it mêd fan de tiidwurden (bgl. D. Eisma en J. Popkema, *Tiidwurden*, Ljouwert: Afûk, 2006[8]), de frjemde wurden (bgl. B. Oosterhaven, *Nije list fan frjemde wurden* (Ljouwert: Fryske Akademy, 2000), de natoer (planten, dieren, minsken), it miljeu, it ark, it iten en de saakfakken yn de skoalle. Tige wichtich is ek it *Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries* (Pieter Duijff, Groningen/Ljouwert: Martinus Nijhoff/Fryske Akademy, 2000) en *Mei freonlike groetnis. Skriuwwizer met stekwurden en foarbylden* (R. de Haan, Ljouwert: Afûk, 1995).

26 S.T. Hiemstra, ‘De taalnoarm’ (yn: A. Dykstra & R.H. Bremmer Jr, *In skiednis fan ‘e Fryske Taalkunde*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1999, s. 256).

27 Sjoch ek it ‘Oanfalsplan’.